

**OPROP** Oan alle Friezen bûten Fryslân, Friezen om Utens, kriteleden, bestjoersleden, famylje en kunde, ensafuorhinne, ensfh.

**De Doelstellingen fan it Boun binne:**

1. In bân lizze tusken (sa folle mooglik) Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn utering en, benammen yn de taal te bewarjen en te befoarderjen;
2. By oaren as Friezen niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Yn 2023 bestiet It Frysk Boun om Utens 100 jier. Dit bejusterbaarlik barren liket noch fier fuort, mar de tiid hâldt gjin skoft – sis mar - de tiid fljocht. It bestjoer fan It Boun wol dit jubileum gruts fiere. Sa folle mooglik Friezen moatte hjir fan heare en moatte der oan mei dwaan. It Boun wol dêrom in list oanlizze fan alle Friezen om Utens dy't berikt wurde kinne. It giet fansels om leden fan Fryske krite, mar feral ek om harren famylje, kunde en wa ek al net. It Boun freget eltsenien om meiwurking.

**Dêrom..... jou allegearre jimme mailadres en fierdere gegevens troch, sa as namme en adres. En dat net allinne, freegje ek oan dy famylje en kunde om harren gegevens troch te jaan oan de skriuwer as troch it oanmelden op de webside fan it Boun.**

**It Boun hat oan dizze aksje de namme jûn fan 'PLAN23'.**

We witte dat op dit stuit oer de hiele lynje it oantal kriteleden werom rint en - spitichgenôch - ek it oantal Fryske krite. Mar de belangstelling foar de Fryske taal en de Fryske kultuer is der noch stees, feral ek no't Ljouwert yn 2018 Kulturele haadstêd fan Europa is.

Mei **PLAN23** wol It Boun de mooglikheden realisearje om in adekwaat en effektyf funksjonearjend ynformaasjesysteem op te setten. Op dizze wize kin eltsenien streek-rjocht op de hichte hâlden wurde fan nije ûntwikkelingen en gearkomsten dy't yn it lân hâlden wurde.

**Dêrom nochris:** Jou allegearre jimme mailadres en fierdere gegevens troch oan de skriuwer fan It Boun, ek fan famylje en kunde.

Om jimme e-mailadres op te jaan kinne jimme dit op in ynfolformulier skriuwe mei jo namme, email-adres, wenplak en leeftiid. Klik hjirunder op 'OANMELDE BY IT BOUN'.

[OANMELDE BY IT BOUN](#)